


Portefúlje-oerlis Frysk Kapitaal

Oan : Deputearre E. Folkerts

Fan :  J

Tastelnr. :  J

Ôfstimd mei : Deputearre de Vries,  J,  J

Datum : 24-06-24

Ûnderwerp : Twataligens yn it Ferkear

Besprekstik: JA / NEE

Fertroulik : JA / NEE

Ôfstimd mei opjeftemanazjer : JA / NEE

1. Wêr giet it oer?

In pear wiken lyn is der in konsept DS-Stik oer meartalige ferkearsbuorden oan de deputearre foarlein. Deputearre wie doe akkoart mei dat it stik nei deputearre De Vries ta gie. Deputearre De Vries hat it stik sjoen en it stik is op basis fan de opmerkings fan deputearre de Vries oanpast. Dat stik wurdt no wer oan de deputearre foarlein.

Neist de ynhâldlike opmerkings advisearre deputearre De Vries ek om it stik net ta beslút oan DS foar te lizzen, mar earst as earste lêzing.

It is wichtich dat DS in prinsipebeslút nimt om de 'commitment' nei it Ryk en de gemeenten op dit dossier sjen te litten.

2. Past it yn it belied?

Ja, yn de nije BFTK stiet dat de tarieding foar de útrôl fan twatalige ferkearsbuorden ûnder ús rezjy wêze sil en dat we dêr yn it twadde helte fan de BFTK-perioade mei úteinsette. Ek fanút de foarbyldrol is it wichtich dat Deputearre Steaten it formele beslút nimt om de Fryske ynfrastuktuer te ferfryskjen.

3. Wat kost it, wêr komt it jild wei en wat krije we der foar?

Foar provinsjale diken kostet de yntroduksje fan twatalige ferkearsbuorden ynklusyf plaknammebuorden €567.000,- en eksklusyf plaknammebuorden €420.000,-. Dy kosten kinne dutsen wurde út it bedrach dat de kommende 4 jierren begrutte is foar in sichtber twatalige provinsje. De kostenrûzing is troch HR Groep Streetcare opsteld dy't op dit stuit de provinsjale bebuording yn behear hat.

Dy kosten binne foarearst net hiel relevant om't DS foarearst in prinsipebeslút nimt en de tsjinst earst fierder yn petear giet. Op in letter momint sil de tsjinst mei in konkreet foarstel komme.

It soe wol moai wêze as der nei oanlieding fan it DS-beslút al fuortendaliks in slach meitsje kin. Sa soenen we faaks in beslút meitsje litte kinne dat alle buorden by brêgen twatalich wurde of bygelyks by wetternammen. Dat soe dan as beslútpunt taheakke wurde kinne.

4. Is der in relaasje mei in moasje, amendemint of tasizzing (Id-nûmer fermelde)?
Moasje 2938 fan de FNP
It DS-beslút fan 21 maart 2021 om te gean foar fiergeande sichtberens wat in folsleine en funksjonele sichtberens fan de taal ynhâldt en dit maksimaal reëel út te setten
5. Wat moat deputearre beslute?
Om taheakke stik foar in earste lêzing oan DS foar te lizzen.
6. Moat der publisiteit oan jûn wurde?
Foarearst net.

Op de oare bledsiden kin in neiere taljochting jûn wurde.

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen